

Ferslach fan de gearkomste yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar op sneon 30 novimber 2019

Oanwêzich: 45 persoanen, neffens de presinsjelist 36 út Fryslân en 9 fan bûten Fryslân of net oanjûn. Foarsitter Gosse fan der Plaats **iepenet** koart nei 13.30 oere de gearkomste en hjit alle oanwêzigen fan herte wolkom, leden en gasten fan it wurkferbân en belangstellenden, op dit neffens him jierliks genealogyske hichtepunt. Op syn lêst om ein novimber hinne moat dit barren wol it ta tefredenheid wêze fan de man op jierren mei de miter.

2. Meidielingen en ynkommen stikken

Berjocht fan behindering is ynkommen fan de skriuwer fan it wurkferbân, Jabik van der Bij. Der binne gjin oare meidielingen. Ynkommen stikken binne der ek net.

3/4. Presintaasje fan Genealogysk Jierboek 2019

De foarsitter jout daliks it wurd oan Ype Brouwers. Dizze neamt de jierboekgearkomste it jierlikse feestje fan it Genealogysk Wurkferbân. En sa sjocht it der fan 'e middei ek wer út. De oanwêzigen komme foaral foar it nije jierboek. Neffens Ype is de nije útjefte ûnproporsjoneel. De auteurs ha dit jier wer moai wurk levere: in grut artikel fan Jan de Vries oer de neiteam fan Anck Boldewyns te Hylpen, in artikel dat yn de rin fan it jier al mar groeide, in lyts artikel fan Otto Schutte oer de hugenoat Peaux, en in normaal artikel fan Jan T. Anema oer de famylje Heslinga fan Marsum of fan Ingelum, dat sil noch blike. Mei in soad muoite is it de redaksje slagge it grutte lytser te krijen en it lytse groeie te litte. Foarsitter Gosse van der Plaats kriget in komplimint foar it moaie ûnderkommen dat fûn is (de Gysbert Japicxseal) en nimt it earste eksimplaar yn ûntfangst. De hiele redaksje kriget in fertsjinne applaus foar it warbere wurk oan it jierboek.

Jelle Terluin jout út namme fan de Fryske Rie foar Heraldysk taljochting op de Wapenregistraasje

Oars as yn oare jierren kriget Terluin as earste it wurd oer it lêste part fan it jierboek, te finen op de siden 299-323. Yn dit part fynt men twa koarte artikels, ien fan R.J. Broersma oer inkelde wapens fan ferskate sulveren boarnen (Pieter Hilles út Tzum, Jan Douwes út Skettens, Rintie Eelckis út Boalsert) en ien fan Kees Kuiken oer ferskate Wijbenga's yn relaasje mei it Wijbengalien te Boalsert.

Mei help fan in PowerPoint presintaasje jout Terluin noch in libbene taljochting op twa persoanlike wapens (Randolph Algera, Jacob Bijlsma) en sa'n tsien famyljewapens (Beijert, Brander, Jongeling, De Jong, Koenders, Nijdam, Piersma, Stelpstra, Tolsma). Ynstjoerder Randolph Algera is *restaurator* en keunstskilder en dat fynt men werom yn dit wapen, mei pinsielen en in skyldsje fan it St Lukasgilde. It wapen fan Jacob Bijlsma is basearre op de wapens fan heit en mem. It wapen Koenders hat û.o. in ferwizing nei kastiel Doorwerth yn de gemeente Renkum. It wapen Nijdam komt fan de Nijdamstra Stichting. Stelpstra ferwiist nei it dak fan in stjelppeats yn Huzum. It wapen Beijert, ôfkomstich fan Haulerwyk, hat te meitsjen mei it berop fan opsichter yn de feanterij ensf. Brander út Frjentsjer hat te

meitsjen mei kalkbranderij. It wapen Jongeling is ynstjoerd troch in dokter fan dy namme wenjend yn Australië mar mei foarteam út Wierum. De twa wapens Tolsma foar twa famyljes fan dy namme binne ynstjoerd troch J.T. Anema. Yn it genealogysk jierboek fynt men fansels mear ynformaasje.

As lêste folgje wapen en flagge fan Menaam / Menaldum yn de gemeente Waadhoeke, ûntstien mei it opheffen fan de gemeente Menameradiel. Yn it nije wapen en de flagge fan Menaam hat de foar Fryslân unike lizzende efteromsjende ienhoarn wer in plak krigen.

Jan T. Anema oer Heslinga fan Marsum

It artikel beskriuwt neffens de auteur de “ups en downs” fan in boerefamylje Heslinga. Der besteane ferskate famyljes Heslinga, dy't net oan inoar besibbe binne. De namme komt al ier yn de midsiuwen foar. It artikel fan Anema moat klearens jaan op de Heslinga's fan Marsum. De 17de iuwske argiven ha flink wat oplevere oer Heslingastate yn Marsum en de âldste generaasje Heslinga yn Ingelum.

Dy âldste generaasjes binne I. Jorryt Hansz x Rints, II. Hans Jorryts x Anna Ruyrdsdr en III. Sybrandt Hansz x Ydt Keympedr (bern Keympe en Ruerdt) en x Rixt Syuerdtsdr (bern Claes, Sioerd, Hans en Ildie Sybrandts). Yn it foartrajekt komt Heringasate te Hinnaard foar, der wiene fjouwer pleatsen om in terp te Hinnaard belutsen. By de earste trije generaasjes giet it benammen oer Hinnaard, Boksum en Hidaard. Mei Sybrandt Hansz, berne yn de twadde helte fan de 16de iuw, om 1570 hinne, begjint it stik mei de namme Heslinga. Yn de omkriten fan Marsum en Ingelum fine wy de famyljes op de saten Heslinga, Pynnama en Groestra (yn in bylage gegevens út it stimkohier oer dizze en mear pleatsen). Opfallend is dat de famylje deun by de Ingelumer tsjerke wenne, mar dat men tsjerke yn Marsum. Inkelde bysûnderheden oer famyljeleden: Rixt Hansen (doopt 1636) hie út in relaasje mei har omke Ferck Diurres Wiglama in soan Diurre; Rixt troude dêrnei noch wol twa kear en is stoarn nei 1694. Sjoerd Sybrens Heslinga (berne 1768) wie patriot en luitenant yn it frijkorps fan Bitgum. Hy is foar fjouwer jier ferballe op 4 july 1788, en is stoarn om 1797 hinne. Willem Petrus Heslinga (berne 1774) hat op oantrunen fan Gerrit Gerbens Heslinga dy syn frou Grietje Jacobus Heslinga (Willem syn nicht) fermoarde troch ferdrinking, waard ta de deastraf feroardiele en ophongen yn Ljouwert.

By Sytske Petrus Heslinga, berne om 1715 hinne, fyn ik út har twadde houlik soan Goitsen Gerkes (1751-1802), troude mei Willemke Bouwes van der Meulen. Har heit en mem binne myn eigen foarâlden (notulist BvdM) fan acht generaasjes wêrom: Bouwe Daniëls, mûnder en bakker yn Oentsjerk, en Pietje Willems, út de famylje Sikma. Fan dizze Goitsen en Willemke is in protte neiteam Van der Meulen my (BvdM) bekend. Folle mear oer de Heslinga's is te finen op de siden 7-79 fan it jierboek. Neffens Piet Nieuwland hie de snor fan Sytske Aukes Tolsma op side 61 wol retûsjearre wurde mochten. Nei oanlieding fan in fraach fan Maikel Galama gie de sprekker noch yn op inkelde oare Heslinga's, bygelyks dy fan Poppenwier.

Artikel fan Otte Schutte oer Peaux

Nei it skoft komt Ype Brouwers wer oan it wurd. De auteur fan it stik oer Peaux, Otto Schutte, is min op 'e gong en dêrom net oanwêzich. Otto Schutte syn efernicht wie benijd nei in rinkje dat Augusta Peaux legatearre hie oan har mem. Otto kende de namme Peaux, hie dêroer publisearre yn Nederland's Patriciaat (1969). Op in wapenboerd yn Harns komt de namme Peaux trije kear foar. Dirk Zeilmaker út Harns hat in protte ynformaasje sammele oer de famyljes dy't op de wapenbuorden foarkomme en dêrby fûn hy in nijsgjirrich boekje “Kort levens-berigt van Pierre Peaux, geboren in Frankrijk en overleden te Harlingen, medegedeeld door R. Peaux, predikant te Etten”. Otto Schutte gie dêrmei oan de slach. Sa ûntstie dit artikel, te finen op de siden 81-90 fan it jierboek. By it wapen op side 82 hat Gerard Mast sein dat de “eenden” gjin einen mar merletten binne “(merlet, Frans: merlette, eigenlijk vrouwtje fan de merle (merel)).



Jan de Vries oer Neikommelingen fan Anck Boldewyns fan Hylpen

As ynkommer hat auteur Jan de Vries út de grutterij ôfkomstig, Hylper koeke meinaam wat der goed yn falt. Komt der út Molkwar net folle goeds? Wol de koeke! Syn artikel yn it jierboek begjint by Anck Boldewyns, dy't om 1600 hinne yn Hylpen wenne en nei alle gedachten al heech op jierren wie. De argivalia fan dizze stêd binne net ienfâldich te rieplachtsjen. De floreenkohieren fan Hylpen bygelyks lizze yn Dokkum. Jan de Vries kaam op it idee se digitaal te meitsjen en geskikt foar genealogysk ûndersyk. Syn artikel is ûnfanfoelich grut wurden, mear as 200 siden. It is fansels net te dwaan dit hjoed allegearre ta te ljochtsjen, mar mei help fan PP-bylden sil de sprekker it min of mear trochnimme.

In kaart út de tiid doe't Anck Boldewyns noch libbe, it easten boppe-oan, de Waadsee en de Sudersee lit sjen dat de Súdwesthoeke in seefarrende mienskip wie. Skippers liezen seekaarten yn tekst, net as wy in kaart. Teksten waarden út de holle leard en songen as in liet. Pleatslik hie men bysûndere tegeltsjes, ûnderskiedend foar de streek.

Ferskate boarnen: Cor Trompetter "Doopsgezinde elites in de Friese Zuidwesthoek 1600-1850". Joost Halbertsma: "te Molkwerum heb ik op vele grafsteden een gekroonde stokvisch gezien". Wapen mei kroane stokfisk yn Dimter Lebuïnustsjerke. Molkwerum /Molkwar eartiids as Molqueren skreaun, sjoch Schotanus kaart. Yn Sweden ek in Molqueren. Yn de lêste simmer hat de auteur in oar eilantsje ûntdutsen mei deselde namme.

Wêr komt de namme wei? Piraten út Sweden ha har yn Molkwar fêstige en ha de namme jûn. De klif Molqueren yn Súd-Sweden. In primitive delsetting út Afrika. In stjonkend nêst. Ut rimen en teltsjes: "Flokken en swarren is 't wapen fen Molkwarren". Joost Halbertsma hat tema's út dit miljeu romantisearre beskreaun. Sa wie der in Lol Pieters, die jild útliende oan Jacobus Scheltema. Lol wie ryk, wie iennichste dochter fan Pieter Wiebes en pakesizzer fan Wybe Sieuwerts, die it rariteitkabinet fan Frederik Ruysch ôfleverde hie by de Tsaar fan Ruslân yn St. Petersburg. Teminsten neffens it ferhaal. Lol hat trije kear trouw west mar hie sels gjin bern. Mar se hie wol in styfdochter Engel. In His Pieters út Molkwar hat 137.000 gûne neilitten yn 1782. Se wie in tante fan Lol Pieters. Oer in rike tante Wypk is in toanielstik makke. Aktrise Feikje Hovinga spile hjiryn Tante Wypk dy't har neven neat gunde en alle dukaten trochslokte en sa yn it grêf meinaam.

Folget in stik oer Jappe Ippes (fan Hylpen) en de klipfiskfeart. Jappe moat de klipfiskfeart ôfsjoen hawwe yn Newfoundland. Sprekker lit in foto sjen fan Ype Brouwers yn petear oer Jappe Ypes en de klipfiskyndustry. Klipfiskfestivals 2012 yn Kristiansund, Noorwegen.

Wa mear witte wol oer de neiteam fan Anck Boldewyns kin it jierboek rieplachtsje. Piet Nieuwland komplimintearret de auteur mei syn artikel. "De hear T.E.A. Douwes ha ik kend". Neamde Douwes wie in Hylper en wenne yn Stockholm. "Scheepsmeting Sweden" is no yn kopy yn it Rijksarchief beskikber. Rindertje Bouma: stikken út Oslo fynt men no yn kopy yn Nederlân en wol yn Tresoar. Al dit materiaal wie it begjin fan dit artikel. Tekst te finen op de siden 91-297 fan it jierboek.

5. Omfreegjen

Der is neat foar it omfreegjen.

6. Sluten

Op 14 desimber 2019 is in gearkomste fan de NGV afdeling Friesland. Sprekker is dan de hear Schackmann oer "de kinderkolonie Veenhuizen en de strafkolonie".

Op 4 jannewaris 2020 is wer in gearkomste fan it wurkferbân mei as sprekker W.J. Tjoelker oer kolonisten yn de "Maatschappij van Weldadigheid" mei kertieren yn Ljouwert.

De foarsitter tanket de redaksje fan it jierboek en de sprekkers foar it knappe wurk fan dit jier, de besikers foar de opkomst fan hjoed, en winsket elkenien wol thús.

